

FRYSLAN-A EKSAMEN
20 septimber 2014

II Tekstbegryp, taaleigen-, ynterferinsje- en oersetopdrachten (60 min.)

TEKSTBEGRYP

- Koartlyn brocht mr. dr. Klaas de Vries op in gearkomste fan de Fryske Akademy de striid foar it Frysk yn it ûnderwiis yn ferbân mei de Tachtichjierrige Oarloch. Tocht er dêrby allinnich mar oan it tal jierren? Oan it feit dus, dat De Clercq yn 1900 kaam mei in plan foar ûnderwiis yn it Frysk en dat yn 1980 datselde Frysk in ferplichte fak op de legere
- 5 skoallen waard? It liket my wat meager ta. Der binne wol mear triedden te lizzen. Dat ûnderwiisplan wie dan it begjin fan de oarloch, opsteld troch in net-Fries dy't der net earm fan wurden is, oars as Willem fan Oranje yn de Tachtichjierrige Oarloch. Nijsgjirrich is ek dat de begjinjierren fan beide oarloggen efterôf fêststeld binne. Dêrtroch duorre de earste Tachtichjierrige Oarloch ek krekt 80 jier. De datum fan de frede stie
- 10 doe al fêst. Mar dat is dan wer in ferskil mei no. Wy hawwe de ein noch net. Faaks hie it dêrom ferstannich west om in ferliking te meitsjen mei de Hûndertjierrige Oarloch. Dy hat der foarhinne op 't lêst ek west en dan hiene wy it noch efkes oan tiid hân. Mar Klaas de Vries hat fansels de striid foar in plak yn it ûnderwiis fan it Frysk ferlykje wollen mei de langste oarloch dy't wy as folk foar it behâld fan it eigene fierd hawwe.
- 15 Der binne noch wol in pear parallellen te betinken. Yn beide gefallen hat der in bestân west dat tolve jier duorre, fan 1609 oant 1621 yn it iene en fan 1937 oant likernôch 1949 yn it oare gefal. It striden foar eigen taal en kultuer troch minderheidsgroepen is no hast mear regel as útsûndering. Hja leare ek fan elkoar en stypje elkoar. By de iene giet it der tsjintwurdich wol folle nueter om en ta as by de oare en earlik sein: wy hawwe ús eins
- 20 tige fatsoenlik hâlden yn ús taalstriid. Der kin mar op ien echte slach wiisd wurde en dat is fansels dy yn 1951 op it Saailân. Yn beide oarloggen hawwe der ek aktivisten west. Tink mar ris oan Kenau Simons Hasselaer yn de Tachtichjierrige Oarloch of oan Wike Zijlstra yn ús tiid. Twa jier foar de slach op it Saailân gong sy nammentlik fûl yn tsjin de wet op it leger ûnderwiis.

Ut: G. Vledder, 'De twadde tachtichjierrige oarloch' yn *Coulonnade*

A. Lês de tekst goed troch en beäntwurdzje de fragen yn it Frysk yn folsleine sinnen. Mei-inoar kinne 22 punten helle wurde.

1. Wêrom fynt de skriuwer it 'wat meager' (r. 5), as it allinnich mar oer it tal jierren gean soe? (3 punten)
2. Yn r. 5/6 stiet 'Dat ûnderwiisplan'. Hokker plan wurdt dêrmei bedoeld? (2 punten)
3. Hokker oarloch wurdt yn r. 6 bedoeld? (2 punten)
4. Wêrom seit de skriuwer yn r. 10: 'Wy hawwe de ein noch net'? (3 punten)
5. Wat bart der yn 1949 dêr't it bestân dêr't yn r. 15 oer praat wurdt, troch ophâldt? (3 punten)
6. Yn r. 18/19 stiet 'by de iene en 'by de oare'. Wat binne 'dy iene' en 'dy oare'? (1 punt)
7. Neam twa ferskillen dy't de skriuwer fan dizze tekst sjocht tusken de Tachtichjierrige Oarloch en de taalstriid dêr't Klaas de Vries it oer hat. (4 punten)

8. Neam ek twa oerienkomsten tusken dy beide oarloggen, dy't de skriuwer fan dizze tekst sjocht. (4 punten)

TAALEIGEN

B. Jou mei eigen wurden de betsjutting of omskriuwing yn it Frysk fan ûndersteande wurden of wurdgroepkes út de tekst. Mei-inoar 22 punten.

- | | | |
|------------------------|-------------------------|------------------------|
| 1. nijsgjirrich (r. 8) | 5. foarhinne (r. 12) | 9. stypje (r. 18) |
| 2. krekt (r. 9) | 6. oan tiid hân (r. 12) | 10. eins (r. 19) |
| 3. de ein (r. 10) | 7. fansels (r. 13) | 11. nammentlik (r. 23) |
| 4. faaks (r. 10) | 8. likernôch (r. 16) | |

C. Brûk de ûndersteande wurdpearen sa yn in koarte sin (ien sin foar elts wurd) dat it betsjuttingsferskil goed dúdlik wurdt. Mei-inoar 20 punten.

1. slûchslim - útsliept
2. betiid - bytiden
3. telâne - terjochte
4. regel - rigel
5. behindich - redsum

D. Jou it meartal en it ferlyttingswurd fan ûndersteande haadwurden. Mei-inoar 20 punten.

- | | | |
|------------|-----------|---------|
| 1. kado | 5. baarch | 9. dak |
| 2. ko | 6. peal | 10. tút |
| 3. bedrach | 7. hân | |
| 4. skip | 8. skoech | |

OERSETOPDRACHT

E. Set de neikommende sinnen oer yn geef Frysk. Mei-inoar 16 punten.

1. Ga jij wel eens boodschappen doen in Heerenveen?
2. Onze kleinkinderen blijven volgende week bij ons logeren.
3. Volgens mij vergist hij zich.
4. Waarom kom jij 's winters nooit eens zelf bij ons televisie kijken?
5. Ik heb mijn enkel verstuikt bij het schaatsen.

YNTERFERINSJES

F. Meitsje geef Frysk fan ûndersteande sinnen. Ien punt foar eltse goede ferbettering.

1. 'Wie fan jim begûn te fechten?', frege meester.
2. Dy eksimplaren koste mear dan fyftjin euro it stik.
3. De trije jonges gongen tegearre lâns de doarren om âld papier op te heljen.
4. Ik miende dat sokyts dy neat mear koe skele.
5. Juf lit de kleuters yn it speelkwartier yn 'e sandbak spylje.
6. It wie him helemaal net nei de sin.